

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 3 novimber 2018**, de middeis om 13.30 oere yn Café Wouters, Sophialeane 5, Ljouwert (by it stasjon).

Wurklist, notulist: **Meindert Tangerman**

1. **Iepenjen,**
2. **Meidielings en ynkommen stikken**
3. **Ferslach** fan 13 oktober 2018 (folgjende gearkomste)
4. **Bestjoerssaken:**
  - a. Notulisten kommende kearen
  - b. Mooglik: reorganisaasje Fryske Akademy, stân fan saken
  - c. Utstellen foar foardrachten 2019/20
5. **Ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum, Nes en de Hellinga's en sibben troch Jan de Jager**
6. **Skoft**
7. **Ferfoch** fan de lêzing fan Jan de Jager
8. **Omfreegjen**
9. **Sluten**

**Data 2<sup>e</sup> helte 2018 en earste helte 2019:** 1 des., 5 jan., 2 febr., 9 mrt, 6 apr.


Oant 3 novimber,

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

## Ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum, Nes en de Hellinga's en sibben

door Jan de Jager

De Jager skreau de lêste jierren boeken oer de ynwenners fan Paesens-Moddergat, Wierum en Nes en in tsjok oersjoch fan de famylje Hellinga en besibbe famyljes. Hy nimt ús tidens syn lêzing mei yn de wrâld fan de genealogy. Wêr kom ik wei en wa is famylje fan my. Wa wennen der allegearre yn in doarp as Wierum of Paesens-Moddergat. Hoe sammelje je de gegevens en hoe bringe je der oarder yn. Wêr moatte je om tinke. Wêr kinne je de gegevens fine en hoe lis ik dy fêst. Hoe fier kinne je werom gean? Hoe set ik dit allegearre yn in boek en hoe kreasje ik dit op? Wêr lit ik it boek printsje en hoe bring ik it oan 'e man? De antwurden en ek de fraach: "bin ik bekende persoanen tsjinkommen?" De sprekker fertelt oan 'e hân fan syn ferskynde boeken en it wurk dat er noch ûnder hannen hat.



*De Jager wie oant medio 2018 dosint (fuortset) ûnderwiis yn Dokkum en is rom 20 jaar bestjoerslid fan de "Historyske Ferieniging Noordoost Friesland". Hy hat in wyklikse rubryk oer âlde foto's yn it Nieuwsblad van Noordoost Friesland.*

**Belangstellenden binne fan herten wolkom op dizze gearkomste!**

*De lokaasje is Café Wouters, Sophialaan 5, Leeuwarden.*

Oanfong 13.30 oere. **Tagong is fergees.** Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Zaailand en de Klanderij en op it P+R parkearplak Wynhorsterstrjitte efter it stasjon.

Sjoch ek op de webside: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/genealogy>